



Oan de leden fan de *Feriening Frysk Underwiis*

Itens/De Sweach, 23 oktober 2008

Underwerp: *Fryske Kanon* en de *FFU-jiergearkomste 2008*

Achte leden,

Yn ús brief fan 7 maaie fan 2008 hawwe wy jimme ynformearre oer in stikmannich *FFU*-saken. Sa hawwe jimme doe it *ferslach fan de jiergearkomste fan 7 juny 2007* en it *jierferslach 2007* krige. Beide stikken binne ek oan te klikken op www.fryskebeweging.nl/ffu (ûnder: 'Ferslaggen'). Wy heakje no boppedat it *finansjeel ferslach* ta. Wy hawwe yn it brief oanjûn om fan 't hjerst mei in datum en plak te kommen foar de jiergearkomste 2008. Dat sil wêze ôfrin fan de feestlike presintaasje fan de *Fryske Kanon* op 11 nov. 2008 yn *Tresoar* te Ljouwert.

It útkommen fan de *Fryske Kanon* sjogge wy as in wichtich barren. De *FFU* hat der de ôfrûne jierren alles oan dien om it safier te krijen (sjoch dêrfoar bgl. ús webstek en de jierferslaggen). De kanon is net allinnich fan grut belang foar de learlingen dy't skiednisûnderjocht krije, mar fansels ek foar alle ynweners fan Fryslân en alle Friezen. Ieuwenlang hat it skiednisûnderwiis yn ús provinsje iensidich Hollân-oriïntearre west en noch altiten is dat it gefal. In folk dat syn eigen skiednis net ken, driget wei te reitsjen. Der kin no wat feroarje. Dêrfandinne dat wy jimme man-/froumachtich oproppe om de presintaasje op **tiisdei, 11 novimber om 14.00 oere yn Tresoar** by te wenjen. It nijsgjirrige programma is oan dit brief taheakke. Jimme kinne jim opjaan troch foar 7 nov. in mail te stjoeren nei info@tresoar.nl.

Nei ôfrin fan de presintaasje komme wy as **FFU** fan **16.30 -17.30** oere byinoar yn de **Charterseal** fan **Tresoar** (trep op, rjochtút) foar ús **jiergearkomste**.

De *wurklist* sjocht der sa út:

1. Wolkom
2. Ferslach fan de jiergearkomste fan 7 juny 2007
3. It jierferslach 2007
4. It finansjeel jierferslach
 - ferslach kaskommisje
 - beneaming nij lid kaskommisje
5. Wat fierder op it aljemint komt
6. Omfreegjen en sluten.

It bestjoer rekkenet op jimme!

Mei freonlike groetnisse en graach oant sjen,

Tom Dykstra, *foars*.
Sytze T. Hiemstra, *skr*.
Ed Knotter, *pong*.